

Tekst 1 Geveltsjefrysk

- 1p 1 Wat is de funksje fan alinea 1?
A Alinea 1 jout de haadgedachte fan de tekst.
B Alinea 1 jout de konklúzje fan de tekst.
C Alinea 1 jout de oanlieding foar it skriuwen fan de tekst.
D Alinea 1 jout de probleemstelling fan de tekst.
- 1p 2 Wat is it ferbân tusken “In Fryske ... wearde wêze.” (r. 35-36) en “Dit wie ... foar Europa.” (r. 36-38)?
A ferlykjend
B konkludearjend
C opsomjend
D redenjouwend
- 1p 3 Jou yn eigen wurden oan wat it ferbân is tusken alinea 7 en alinea 8.
Brûk net mear as 10 wurden.
- 2p 4 Hokker arguminten fan minister Bot yn alinea 2 wurde yn alinea 7 werhelle?
- 1p 5 Hokker argumint fan minister Bot yn alinea 2 wurdt yn alinea 8 werhelle?
- 1p 6 Hokker argumint fan minister Bot brûkt de skriuwer sels yn alinea 10?
- 1p 7 Hokker oar argumint brûkt de skriuwer noch?
- Neffens de skriuwer fan de tekst binne de arguminten fan de foarstanners fan in Fryske oersetting gefoelsarguminten.
- 1p 8 Sitearje de sin dêr't dat út bliken docht.
- 2p 9 Wêrom kiest de skriuwer ‘Geveltsjefrysk’ as titel?
Brûk foar dyn antwurd net mear as 15 wurden.
- 1p 10 Mei hokker wurden kwalifisearje de foarstanners in Fryske oersetting fan teksten lykas it Europeesk ferdrach?
Brûk net mear as 5 wurden.

Tekst 2 Jong ûndernimme is gjin spultsje

- 1p 11 Wat is it ferbân tusken “Dit is ... leuk mear.” (r. 14) en “Wy binne ... net út.” (r. 14-17)?
A opsomjend
B redenjouwend
C tsjinstellend
D útlizzend

Eindexamen Fries havo 2010 - I

havovwo.nl

- 1p **12** Wêrnei ferwiist 'dêr' yn 'dêromhinne' (r. 30-31)?
A gaming
B in tv-programma
C in tv-programma oer gaming
- 2p **13** Watfoar oerienkomsten binne der tusken de dielnimmers oan gamingprogramma's op 'e televyzje en sporters?
- 2p **14** Hokker mooglikheden hawwe de jonge ûndernimmers om oan jild te kommen? Helje it antwurd út alinea 4.
- 2p **15** Hokker fan ûndersteande sinnen kin it bêste tsjinje as gearfetting fan alinea 3?
A Alex Strooisma en Chamin Hardeman binne dwaande mei kompjûterspultsjes dy't mei in sport te krijen hawwe en dêr't in serieuze kultuer omhinne bestiet.
B Alex Strooisma en Chamin Hardeman wolle dat harren programma de Studio Sport fan de gamingwrâld wurdt, mar dan oanbean op in digitale stjoerder.
C Alex Strooisma en Chamin Hardeman wolle gaming en digitale televyzje graach kombinearje.
D Alex Strooisma en Chamin Hardeman wolle in tv-programma meitsje oer gaming en dan foaral de wrâld dêromhinne, oanbean op in digitale stjoerder.
E Alex Strooisma en Chamin Hardeman wurkje selsstannich oan media-opdrachten.
- 1p **16** Wêrnei ferwiist 'it' yn r. 57?
A digitale televyzje
B in programma oer gaming
C it lêste trajekt
D it pilotprogramma
- 1p **17** "Wy hienen ... stjoering hân," (r. 75-76)
By hokker eardere alinea slút dat sitaat oan?
- 2p **18** Mei hokker problemen wrakselje Alex Strooisma en Chamin Hardeman neffens alinea 4?
Brûk yn totaal net mear as 20 wurden.
- 1p **19** Hokker kopke past it bêst by alinea 6?
A Bentley
B Kick
C Killing
D Skills
- 2p **20** Lis oan de hân fan alinea 7 út dat in neidiel ek in foardiel wêze kin.
Brûk net mear as 20 wurden.

- De titel fan de tekst is in foarbyld fan wurdboarterij.
- 2p **21** Meitsje dat dúdlik.
Brûk net mear as 15 wurden.
- 1p **22** Ta watfoar tekstsoarte heart dizze tekst?
A riddenearring
B skôging
C útiensetting

Tekst 3 Tink yn kânsen, net yn bedrigings

- 1p **23** Hokker wurdt yn alinea 1 soe as in tsjinstelling by de twa earste sinnen opfette wurde kinne?
- 1p **24** Friezen binne beskieden.
A Dat wurdt sjoen as in negative eigenskip.
B Dat wurdt sjoen as in negative eigenskip mei positive kanten.
C Dat wurdt sjoen as in positive eigenskip.
D Dat wurdt sjoen as in positive eigenskip mei negative kanten.
- 2p **25** Sitearje de kearnsin fan alinea 3.
- 2p **26** Wat binne de oarsaken fan de kwetsberens fan de Fryske ekonomy?
Brûk net mear as 15 wurden.
- Alinea 4 bestiet út twa parten.
- 2p **27** Mei hokker sin begjint it twadde part?
Motivearje dyn antwurd en brûk dêrby net mear as 10 wurden.
- 2p **28** Hokker krityk hat Boelsma op it ûnderwiis?
Brûk net mear as 10 wurden.